

## BEWUSTZIJN

# Hemelvaart: met een mantel van vertrouwen verder

Hemelvaartsdag (13 mei) markeert voor veel mensen het begin van een lang weekend. Is de dag zelf tegenwoordig nog wel van betekenis? „De Himelfeart sit tusken ôfskied nimme en romte krije yn”, zegt predikant Hinne Wagenaar.



Predikant Hinne Wagenaar. FOTO MARTJE VAN DER HEIJDEN

NYNKE BRUINSMA

**H**et startschot van het kampeerseizoen heeft al geklonken en bij het Hemelvaartsweekend worden er dan meestal ook aardig wat tentjes en caravans neergezet. „In soad kristlike feesten binne opnij ynfold”, zegt Wagenaar (59), predikant van de PKN-gemeente Westerwelt en medeoprichter van Nijkleaster. „Kryst en Peaske binne dêr in foarbyld fan. By Himelfeartsdei en Pinkster wurdt dat alwer wat dreger. Ta myn grutte wille seach ik dat it echt kimmersjeel meitsjen fan Himelfeartsdei yn Dútslân wol slagge is. Sa hawwe sy heitedei aan Himelfeart keppele. Jezus giet ommers wêrom nei de Heit, dus dat paste nefens harren wol”, zegt hij lachend.

Toch zit er meer achter Hemelvaartsdag dan alleen kamperen en vaderdagkaarten. „It âlde byld fan de Himelfeart like op in romtefeart; Jezus gie nei de himel en dat is earne boppe ús. Dat is in letterlike benadering. Ik besjoch it leaver fanút in geastlik perspektif. De Himelfeart sit neffens my tusken ôfskied nimme en romte krije yn. De apostels waarden troch Jezus efterlitten. Sy moasten ôfskied fan Him nimme en dêr komt rou by sjen. Sy fielden harren fêst allinich. En ja, mei ôfskied

nimmen hawwe wy alle gear te krijen. Sawol by it libben, bygelyks by it stikkengean fan in freonskip of by in ferhuzing, of by de dea. It is wichtich om de emoasjes dy't je hjirby troch-meitsje in plak te jaan; dêr wurden oan jaan kin dêrby helpe.”

Met Jezus' Hemelvaart krijgen wij tegelijkertijd ook ruimte, zo redeert Wagenaar. Jezus verdwijnt van het toneel en de apostelen moesten zelf verder, zij traden ineens op de voorgrond. In de veertig dagen daar voorafgaand vragen ze aan Jezus: ‘Heer, gaat u dan binnen afzienbare tijd het koningschap over Israël herstellen?’ (Handelingen 1:6, NBV). „Mar Jezus seit: it is jimme taak net om dat alle gear te witten. Jimme taak is om de goede boodskip te dielen, oant it ein fan 'e ierde. As Jezus dan opnommen is yn de himel, sizze de ingelen: wat steane jimme dêr no nei de himel te sjen? Mei oare wurden: jimme kinne sels oan de slach, dêr hawwe jimme no de romte foar kriegen. Neidat wy ôfskied nommen hawwe yn ús eigen libben, sil der ek in momint komme dat wy wer troch kinne.”

Eigenlijk een behoorlijk grote taak voor de apostelen, die in een nogal nuchtere boodschap werd gebracht: ga maar doen. „Ja, seker yn dy tiid. Alles draaide doe noch om Jeruzalem, dêr stie alles te gebeuren ast it

## *It is tink ik ús taak om leafde te dielen'*

hast oer it geastlik libben. Mar nee, de apostels moasten nei it ein fan de ierde. Yn it boek Hannelingen sjochst dat al gebeuren. It ferhaal begint yn Jerzualem en einiget yn Rome. Dan binne je fansels noch net oan it ein fan 'e ierde, mar sy makken wol in beweging nei bûten ta.”

De grote vraag is nu natuurlijk: hoe kun je de boodschap van Jezus vandaag de dag nog verspreiden? Het is even stil, maar dan zegt Wagenaar: „Wy kinne tsjûgje fan it goede nijs. En dat betsut net oertsjûgje, mar mei je libbenshâlding oanjaan wat Jezus bedoelde. It is tink ik ús taak om leafde te dielen en om de haat yn de wrâld te ferminderen. Sa hearde ik it ferline wike ferwurde yn de dokumintêre oer it libben fan Etty Hillesum.”

De liefde verspreiden dus, maar hoe doe je dat dan weer? „As dûmny, mar ek yn myn eigen libben, sykje ik de romte dy't it mooglik makket om leafde te sammeljen. Dat is net altyd

maklik en dêrom oefenje ik dêr ek mei, aan ien tried wei. Alle dagen begin ik mei konsintraasje, meditaasje en gebed. Ik fokusje my op wêrt ik tankber foar bin en freegie my alle dagen wer ôf wat myn taak is yn dit libben en hoe ik dêr hannen en fuotten oan jaan kin. Ik hear de minsken al sizzen: dat is dûmny'spraat, dêr haw ik hielendal gijn tiid foar. Mar dat is no krekt it punt. Do kinst altyd wol dwaande wêze mei wurk, jild en besit, mar dan komst der noait efter wat der no echt wichtich is yn dit libben.”

Bij Stichting Nijkleaster staat bezinning op dit soort langzame levensvragen vaak centraal in de kleasterkuier. Elke week werd er, voordat dat door corona niet meer kon, op woensdagochtend meditatief gewandeld. „Fif moanne lang hat dat stilstien, mar woansdei kinne wy wer foar it earst mei in groep fan tritich minsken te rinnen. Dat is in dei foar Himelfeart. Ik soe de minsken dan yn earste ynstânsje wolris freegje wolle: fielsto dy ferlitte op Himelfeartdsei of fielsto de romte om sels op it toaniel te ferskiën.”

Het antwoord op die vraag is in elke levensfase weer anders, denkt Wagenaar. „It ferhaal oer de Himelfeart wurket, krekt as elk ferhaal yn de Bibel, as in spiegel. Wat bart der yn

dyn libben en hoe giesto dêr mei om?” Dat mensen zich eenzaam en verlaten voelen op Hemelvaartsdag, kan Wagenaar zich wel voorstellen. Toch is het volgens hem belangrijk om te onthouden dat we niet helemaal alleen zijn. „Ik moat no eefkes tinke oan de Himelfeart fan Elia yn de Bibel, 2 Keningen 2. Elia reizget mei synlearling Elisa nei Jericho. Yn ienen wurde sy út elkoar dreaun troch in wein mei hynders dy't yn fjoer en flam stiet. Elia wurdt opnommen yn 'e himel en Elisa bliuwt efter. Hy pakt de mantel fan Elia op, dy't op de grûn fallen wie, en brûkt 'm om werom te kommen nei de gewoane wrâld. Elisa giet fierder yn it spoar fan Elia. Mei it ferhaal fan Elia en Elisa yn 'e holle soene wy sizze kinne: wy krije de mantel fan Jezus oer de skouders hongen. Jezus hat syn wurk dien en hat ús alles leard. No is it oan ús. Hy ferlit ús, mar lit ús net allinich. Wy kinne fierder yn Syn spoar mei Syn mantel fan fertrouwen.”

„De tiid tusken Himelfeart en Pinkster is in tiid fan heroriïntaasje: hoe kinne wy nei ús fertriet de goede boodskip diele en hoe kinne wy yn dat proses de mantel fan Jezus fiele? Yn de wrâld fan tsjintwurdich lykje my dat nijsgrijrige fragen.”

Reageren? [nynke.bruinsma@lc.nl](mailto:nynke.bruinsma@lc.nl)